

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Matthijs de Vries
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Al desennia is der in delgeande line fan de oantallen greidefûgels yn Fryslân, en neffens it <i>Jierberjocht Greidefûgels</i>¹ set dy fierder troch. De provinsje Fryslân hat yn de <i>Nota Greidefûgels 2021-2030</i>² it doel steld dat der 10.000 pearkes skries wêze moatte yn 2030. Sa't it no liket sil dat doel lykwols net helle wurde, sa docht ek bliken út it feit dat Nederlân ferline simmer op de fingers tikke is troch de EU³ om better op de greidefûgels te passen, en dan benammen op de skries. De provinsje Fryslân is der ferantwurdlik foar, dat neist alle oare maatregels ek de útfiering fan de soarchplicht foar de greidefûgels goed yn oarder is.⁴ Spitich genôch hat de FUMO yn 2024 konstatearre, dat it noch net oeral goed genôch slagget om de greidefûgels better te beskermjen, wannear't boeren en leanwurkers op it lân wurkje. Wy binne der fan oertsjûge dat fierwei de measte boeren en leanwurkers harren ferantwurdlik fiele foar de greidefûgels yn ús provinsje en dat mear kennis oer de útfiering fan de soarchplicht en in kreaze ynfolling derfan, aaien en piken sparje sil. Dêrom liket it ús in goed idee dat alle leanwurkers en boeren, dy't yn de praktyk te krijen hawwe mei greidefûgels, in oplieding folgje, sadat sy de soarchplicht mei better resultaat útfiere kinne.
Fraach / fragen	1. Is it kolleezje it mei de fragestellers iens dat al it mooglike dien wurde moat om de doelen yn de Nota Greidefûgels 2021-2030 te heljen? In perfekte útfiering fan de soarchplicht, ek op hektares dêr't in soad dien wurdt oan greidefûgelbehear, is net altyd like maklik. De FUMO moat dêr yn it tafersjoch rekken mei hâlde, ek yn oerlis mei de kollektiven en BFVW. 2. Hoefolle oertrêdingen fan de soarchplicht binne der (yn ferbân mei de greidefûgels) de ôfrûne fiif jier west? Hoe faak binne dy ôfdien mei in warskôging en hoe faak mei in boete? 3. De Fryske omjouwingstsjinst FUMO kriget ekstra finansiering foar it tafersjoch op de greidefûgels, yn 2023 wie dat goed foar 500 oeren.⁵ Bliuwt dizze finansiering yn de kommende jierren yn stân? Is dat budzjet foldwaande foar it tafersjoch, of is der neffens it kolleezje mear nedich om yn 2030 de doelen te heljen? As dat it gefal is, hoefolle soe der dan by moatte yn oeren en yn budzjet?

¹ <https://www.friesevogelwachten.nl/assets/media/doc/61-675-jaarbericht-2023-def.pdf>;

² <https://www.fryslan.frl/flysystem/media/nota-weidevogels.pdf>, p. 27;

³ https://ec.europa.eu/commission/presscorner/detail/en/inf_24_3228;

⁴ <https://www.fryslan.frl/flysystem/media/reaktienota-bijlage-afsprakenkader-weidevogels-fryslan.pdf>, 11.27 Bal;

⁵ Provinsje Fryslân, VTH Jaarverslag 2023, p.34-35, 38, 16 juli 2024;

	De FUMO hat earder konkludearre dat de ôfspraken dy't fêstlein binne yn it ôfsprakenramt greidefûgels (2021) tusken lânbou-organisaasjes en de provinsje ûnfoldwaande neilibbe wurde.⁶ Ek de oerkoepeljende organisaasje fan leanwurkers Cumela hat oanjûn problemen te hawwen mei de útfiering fan de wetlike soarchplicht.⁷ 4. Ein april is der in fernijde ferzje kaam fan it ôfsprakenramt greidefûgels.⁸ Ferwachtet it kolleezje dat it fernijde ramt fertuten dwaan sil en de greidefûgels better beskermje sil as foarhinne? 5. Der is yn de iepenbierheid net in soad omtinken west foar it nije ôfsprakenramt. Sa stiet der neat oer op de webside '<i>Grutsk op ús greidefûgels</i>'.⁹ Hoe soargje de partijen der foar dat de ôfspraken rûnom yn de provinsje bekend wurde by de minsken yn it fjild? Sjocht de provinsje dêr foar himsels in rol yn? As dat sa is, wat is dy rol dan? As dat net sa is, wêrom net? Fia de subsidyzjes foar agrarysk natuer- en lânskipsbehear (ANLb), wurdt der jild stutsen yn it behâld fan greidefûgels. It kabinet Schoof wol it bedrach foar ANLb lanlik fan 2026 ôf struktureel ferheegje nei 500 miljoen euro, om dêrmei it oantal hektares dat ûnder it ANLb falt fan 100.000 nei 280.000 hektare te ferheegjen.¹⁰ Neffens ús kin mei bredere stipe, ek bûten de hjoeddeistige 21.000 hektare ANLb-lân (wêrop't sawat de helte fan de greidefûgels briede), op likernôch 110.000 hektare gongber boerelân en partikulier natuerbehearlân¹¹ in protte winst behelle wurde. 6. Wy binne fan miening dat it krijen fan mienskipsjild net frijbljuwend is: as it doel wêr't de middels foar bestimd binne, net útfierd wurde kin troch te min kennis, moat dêr oan wurke wurde. Is it kolleezje dat mei ús iens? As dat net sa is, wêrom net? Lânboupartijen, ûndersikers, de BFVW en it kolleezje fan Deputearre Steaten¹² jouwe allegearre oan dat foarljochting en oplieding in wichtige bydrage jaan sil oan de útfiering fan de soarchplicht en it beskermjen fan greidefûgels by it lânwurk. 7. Sjocht it kolleezje mooglikheden dat út it GLB-NSP programma <i>Kennis en Ynnovaasje</i>¹³ of út oare Europeeske of lanlike budzjetten jild frijmakke wurde kin foar it oplieden fan alle boeren en leanwurkers binnen it ANLb-gebiet? Kin it kolleezje dy mooglikheden op in rychje sette?
--	--

⁶ FUMO: Ofspraken oer beskermjen greidefûgels 'ûnfoldwaande neilibbe' - Omrop Fryslân;

⁷ Stadiger meane om nêsten te beskermjen? Dat is dreech, sizze leanwurkers - Omrop Fryslân;

⁸ <https://www.ltonoord.nl/regios-en-provincies/regio-noord/friesland/actueel/lto-noord-werkt-mee-aan-weidevogelbescherming-in-collectief-grutsk-op-us-greidefugels>;

⁹ <https://grutskopusgreidefugels.nl/>

¹⁰ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2024/11/29/contourenbrief-agrarisch-natuurbeheer>;

¹¹ <https://www.friesevogelwachten.nl/assets/media/doc/61-675-jaarbericht-2023-def.pdf>, p. 4;

¹² Antwurdbrief DS op fragen FNP oer Greidefûgels, 28 novimber 2023;

¹³ <https://www.toekomstglb.nl/regelingen-en-instrumenten/kennis-en-innovatie>;

	8. Is it kolleezje ree en set yn oparbeidzjen mei de sektorpartijen (aktive boeren, leanwurkers, BFVW, BoerenNatuur) yn op in trajekt om dy opliedingen langjierrich oan te bieden, bygelyks fia in oanfraach út it GLB-NSP programma <i>Kennis en Ynnovaasje</i>? 9. Soe it kolleezje ûndersykje wolle hoe't ek boeren en leanwurkers bûten it ANLb-gebiet (dêr sitte sawat de helte fan ús greidefûgels) de mooglikheid krije kinne om mei te dwaan oan de opliedingen en ek te sjen oft skoallen oanheakje kinne? 10. Wol it kolleezje yn oerlis gean mei it ministearje om in part fan de nije middels út it ANLb te reservearjen om boeren mei in heech oantal briedpearen te beleanjen foar har ynspanningen?
--	--

Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra/Thom Feddema PvdA, Klaas Zwart JA21, Maarten Goudzwaard GrienLinks, Jochem Knol
---------------	--

Datum	26 maaie 2025
-------	---------------